

Dorpscanon van Folsgeare

It oargel fan de Laurentiustsjerke



© Foto Atse Bruin

It oargel fan de Laurentiustsjerke

Yn 1902 wurdt besletten om achter yn de tsjerke in houten sket te pleatsen om sa in foarportaal te kreëarjen. Der is noch wol wat diskusje oft it seildoek of hout wurde moat mar de mearderheid giet foar in houten sket. Der is no in iepen romte, mar as dêr in plafond yn pleatst wurde soe, ûntstiet der in flier dêr't in oargel op stean kinne soe. Yn septimber 1907 wurdt der in bûtengewoane ledegearkomste útroppen mei as ûnderwerp: it oanskaffen fan in oargel foar de tsjerke fan Folsgeare.

De rju earwearde dûmny van Reeuwijk hat de tsjerkfâden der op wezen, dat Folsgeare ien fan de pear tsjerkegemeenten is, dy't noch net in tsjerkoargel hat. Dûmny hat fernommen dat de evangelyske feriening yn Boalsert har oargel te keap oanbiedt foar net al te folle jild. In goede gelegenheid om in oargel ynklusyf kreake foar it lytse bedrach fan fl. 950,- oan te tugen. De kosten foar it ôfbrekken en de opbou komme hjir oerhinne, de totale kosten sille likernôch fl.1400,- à fl.1500,- wêze. Nei in stûfe diskusje wurdt oergongen ta stimming. De measten binne foar, al is it entûsiasme net grut. Der binne fiif tsjinstimmers. De tsjerkfâden sille mei in saakkundige in ûndersyk ynstelle. Falt dit goed út, dan sille de hearen Abma en Zoethout mei in yntekenlist omgean. Is it omkearde it gefal dan is de saak sletten. Der komt gjin yntekenlist en gjin oargel.

Dorpscanon van Folsgeare

It oargel fan de Laurentiustsjerke

Begjin 1920 stiet de oanskaf fan in oargel wer op de wurklist. Dûmny Karres bepleitet de winsklikheid ta it pleatsen fan in oargel yn de tsjerke. Hy stelt út om in oargelfûns op te rjochtsjen. It jild hjirfoar soe fûn wurde kinne út frije bydragen fan de leden yn Folsgeare en yn de sustergemeenten. Hy stelt himsels beskikber om mei ien fan de leden in ynsamling te hâlden. De tsjerkfâden steane der lykwols net efter want de finansjele posysje fan de tsjerke is net al te bêst. Besletten wurdt om de behanneling fan dizze kwestje ta de kommende gearkomste út te stellen. Op de gearkomste fan maart 1921 krigen de tsjerkfâden de opdracht om te freegjen wat it tsjerkoargel fan Abbegea kostje moat om dêrnei fierdere plannen meitsje te kinnen.

Yn novimber 1921 komme de tsjerkfâden mei it risseltaat oangeande it oargel fan Abbegea en fierdere kosten. It oargel moat fl.1000,- kostje en mei it bouwen fan in kreake soene de totale kosten útkomme op fl.3000,- à fl.4000,-. De administrateur kriget it wurd. Hy sketst de finansjele situaasje fan de tsjerke. Hoewol't de priis fan it oargel billik is, sil de skuld fan de tsjerke mei fl.3000,- à fl.4000,- tanimme. Hy ferwachtet net dat it partikulier inisjatyf sa grut wêze sil dat it bedrach út frijwillige jêften dutsen wurde kin. Nei stimming wurdt besletten it oargel net oan te tugen.

Yn de gearkomste fan novimber 1929 komt yn it rûnfreegjen it oargel wer op it aljemint. Menear Minnema freget oft it net tiid wurdt om in oargel yn de tsjerke te krijen. Der wurdt in oargelkommisje oprjochte mei de leden M. Minnema, G. Boschma, J. Lautenbach, A. Wiersma en J. Zietsma om dit te ûndersykjen. De tsjerkfâden stelle foar dit ûndersyk fl.1000,- beskikber. Begjin 1930 docht de oargelkommisje ferslach. De kommisje hat de tsjerkoargelrie om advys frege en in rûzing makke fan de totale kosten. In oargel kostet minimaal fl.3000,- en wat grutter fl.4000,- à fl.5000,-. De kosten foar in kreake ynklusyf skilderwurk wurde begrutte op fl.1000,-. De kommisje is fan betinken dat dit bedrach ûnmooglik út frije giften byelkoar brocht wurde kin en fersiket om ûntheffing fan har taak.

Begjin maaie 1930 stelt dûmny Hengeveld dat de oanskaf fan in tsjerkoargel likernoch fl.5000,- kostje sil en dat dit de finansjele draagkrêft fan de gemeente fier te boppe giet. Der wurdt besletten om in proef te nimmen mei in fergrut húsoargel. De firma Groeneveld út Snits is sa goedwillich om in saneamd Mannborg oargel (húsharmoanium) op proef te leverjen. Om oan it jild te

Dorpscanon van Folsgeare

It oargel fan de Laurentiustsjerke

kommen, wurdt der mei in yntekenlist rûn gien by de leden fan Folsgeare. Dêrnei wurde ek de leden fan Easthim en Abbegea frege. Dizze yntekening is foarriedich oant de proef mei it húsoargel oan de ferwachtings foldocht. Yn septimber sil dan it jild ynsammele wurde. De tsjerkfâden wurde oansteld as kommisje.

Ein maaie 1930 is de evaluaasje fan it harmoanium. De leden binne yn it algemien fan betinken dat it goed befalt maar dat it oargel wol wat swierder fan stim wêze mei. Dûmny Hengeveld wit dat de firma Bakker en Timmenga yn Ljouwert in twaddehâns oargel yn de oanbieding hat foar fl.450,- . Nei in koarte diskusje wurdt besletten hjir net op yn te gean mar by it oargel fan de firma Groeneveld út Snits te bliuwen. As de jêften ta falle, sil in wat swierder oargel oanskapt wurde. De yntekenlist fan Folsgeare stiet no op fl.630,- en de rûzing foar it meitsjen fan in souder troch M. Eppinga is likernôch fl.200,-. Dit liket de leden oan de hege kant. Der wurdt besletten mei Eppinga de saak opnij te berekkenjen.



april 1959

Tsjerke Folsgeare mei
it harmoanium en
foar de stuollen
steane de stoven
klear

foto: G.Th.Delemarre, dokumint nûmer: 54.041 (ûnferoare), fia de link:

<http://creativecommons.org/licenses/by-sa/3.0/>

July 1930 is der in besprekking oer it oargel. De leden hawwe harren útsprutsen foar in swierder oargel dat dan likernôch fl.800,- mear kostje sil. Der wurdt besletten ek by de sustergemeenten Easthim en Abbegea rûn te gean foar in

Dorpscanon van Folsgeare

It oargel fan de Laurentiustsjerke

bydrage. As organist wurdt T.J. v.d. Velde út Drylts beneamd foar fl.2, - de beurt. Dêrnei hat juffer W. Boschma fan har 17^e ôf jierrenlang it oargel bespile.

De souder wurdt boud troch timmerman Eppinga en der komt in swierder harmoanium. Dochs bliuwt der wat toarnen binnen de mienskip fan Folsgeare. In echt tsjerkoargel soe dochs wol hiel moai wêze. Yn oktober 1963 is de kûgel troch de tsjerke. Der wurdt in oargel kocht by de firma Ernst Leeftang út Apeldoarn dat yn de Griffomearde tsjerke fan Marrum stien hat.

Dit oargel is yn 1908 boud troch de firma Bakker & Timmenga út Ljouwert foar de Griffomearde tsjerke oan de Lytse Buorren yn Marrum.

It oargel ferhuzet yn 1924 mei nei de nije tsjerke oan de Lage Herenweg. De sydfleugels ferdwine om't der gjin romte foar is en it arsjitektoanysk ek net past. Yn 1926 wurdt it ynstrumint mei in acht foet trompetregister útwreide. It oargel hat in soad jierren ta tefredenens tsjinst dien, mar der ûntstiet ferlet oan in ynstrumint mei mear folume.

Marrum / july 1959

foto: Tsjerkargyf Folsgeare



Yn 1960 wurdt by de firma Leeftang opdracht jûn ta de bou fan in modern twa klaviers oargel mei frij pedaal.

It âlde orgel út de tsjerke fan Marrum wurdt demontearre en leit opslein by de firma Leeftang yn Apeldoarn. Der folget noch in briefwikseling oer de útwreiding fan it oargel. Yn 1964 wurdt it oergepleatst nei Folsgeare en op 16 april, ûnder in spesjale tsjinst, wurdt it oargel offisjeel yn gebrûk nommen.

De sydfleugels fan it oargel binne ferdwûn. Meije Douwes Reitsma makket in fersiering nei eigen ûntwerp dy't dêrnei pleatst wurdt.

Dorpscanon van Folsgeare

It oargel fan de Laurentiustsjerke

Yn 2001-2002 wurdt de Grifformearde tsjerke yn Marrum sloopt yn ferbân mei de bouthekenske minne steat.

It Hillebrand oargel út de Herfoarme tsjerke is yn tige minne steat en net mear te bespyljen. Mei de firma Kaat & Tijhuis yn Kampen wurdt in deal sletten. It Leeftlang oargel út de Grifformearde tsjerke en in kistoargeltsje út de Herfoarmde tsjerke wurde ruile tsjin in nij koaroargel. Dat, beide ynstruminten geane nei Kampen. Ek de sydfleugels fan it eardere oargel, dy't op souder opslein lizze, geane mei.

De tsjerkfâden fan Folsgeare wurde troch de firma Kaat & Tijhuis oanskreaun oft der belangstelling is foar de sydfleugels. De tsjerkfâden Hans de Boer en Siep van der Velde, mei assistinsje fan menear Feike van der Velde, sille sjen yn Kampen dêr't de fleugels opslein lizze. Nei oerlis wurdt besletten dizze oan te keapjen en menear Feike van der Velde biedt oan om de restauraasje op him te nimmen.



De fersiering dy't makke is troch Meije Douwes Reitsma ferhuzet nei de earste etazje yn de toer.

foto A. Bruin

De restauraasje is goed slagge en de orizjinele fersiering stiet wer yn âlde gloarje te pronk op'e kreake yn Folsgeare.

foto Atse Bruin



Dorpscanon van Folsgeare

It oargel fan de Laurentiustsjerke

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: Atse Bruin, G.Th. Delemarre, tsjerkargyf Folsgeare

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.